

Thom Mercurur oer it keatsen yn de keunst

Keatsheroik kriget te min syn gerak

Prate mei Thom Mercurur oer it keatsen betsjut foar him it opheljen fan oantinkens oan âlde tiden. Hy komt inkeldris noch by de PC en wol him ûnthâlde fan in oardiel oer it nivo fan tsjintwurdich. 'Ik sis net dat earder alles better wie. De keatsers trene no folle mear en dogge mear oan har kondysje. Mar dy artistike keunststikjes dy't guon toppers earder úthellen, dy haw ik de lêste jierren op 'e PC net mear sjoen. Chris Wassenaar is in geweldige keatser, mar dat is mear te tankjen oan syn fysike krêft as oan syn graasje.'

Ik moetsje Thom (67) yn syn museum Belvédère yn It Wâld. Hy is sa't er seit 'oan it ôfbouwen'. Noch in pear moanne en hy is direkteur ôf. Likegoed hat er it noch altyd fleanende drok. Lykas no: it wurk fan de Belgyske keunstner Roger Raveel moat oprêden wurde, de eksposysje fan de skilderijen fan de Ljouwerter keunstner Anne Feddema ynrjochte. Dat is noch altyd Thom syn passy: moaie útstallingen meitsje. Dy passy sil er ek yn 'e takomst útljibe, as er fan de saaklike omballingen befrijd is, want in libben sûnder keunst is foar Thom gjin libben.

Hy wist neat fan 't keatsen ôf doe't er yn 1971 konservator waard fan 't Coopmanshûs yn Frjentsjer. Hy waard berne yn Boyl yn de Stellingwerven en syn eachweid rikte jierrenlang net fierder as It Hearrenfean. Nei't Cornelis Roersma, de Frjentsjerter 'keatsalmenak', him de spulregels bybrocht hie,

waard er lykwols in hertstochtlik leafhawwer. 'Ik bin bliid dat ik Hotze Schuil noch keatsen sjoen haw, hy wie doe al yn syn neidagen, mar hy striele noch oerwicht út, in hearsker op it fjild. Hy waard foar my de Abe Lenstra fan de keatssport, in fenomeen dy't syn gelikens net hie.'

Nico Scheepmaker

Nico Scheepmaker, de kolumnist fan de Ljouwerter Krante en oare grutte provinsjale deiblêden, hie destiids in twadde húske yn Penjum. Doe't dy mei Mercurur ûnderweis wie nei in ynternasjonale útstalling yn Berlyn oer de dada-keunst fan Kurt Schwitters en de Rinsema's, kaam it praat op it keatsen. Scheepmaker, dy't geregeld oer alderhanne sporten skreau, sei dat er in foar him ûnbekende sport mar even hoegde te sjen, of hy hie de spulregels troch, allinnich by it keatsen wie him dat net slagge. 'Doordomweg te kijken en je hersens te laten werken kun je de spelregels niet doorgronden', skreau er yn syn rubryk Stopper. Mercurur: 'Ik haw him doe meitroand nei de PC en him op myn manier útlein hoe't er der nei sjen moast. In insider as Roersma hie him de betsjutting fan elke slach útlein en dan wie it measte him grif ûntgongen, mar troch sismar tusken de (spul)regels troch te sjen, krige er each foar de skientme.'

'Wat noch skerp op myn netflues stiet, is hoe't de bruorren Klaas en Wiepie van Wieren - as foar- en achteryntse tegearre yn ien partoer - it perk bin-

nen stapten. 'Dat wie de folsleine syngrony. It miste noait, altyd dy fantastyske ienheid, alles oan har kloppe. It wie in geniet om dat te sjen.' Mei Sjouke de Boer wûnen se yn 1977 de PC. 'Sjouke, de opslagger mei dy fantastyske hege ballen. Dan moast ik fuort oan it boek fan Nynke van Hichtum tinke, *De jonge priiskeatser*. Sjouke wie foar my Jelle fan Sipke Froukjes.'

Hy neamt oare keatsers dy't har sport ta keunst ferheften. Reitze Mienstra ('syn bewegen mei dat hantsje!'), Tamme Velstra ('yn myn tiid ek al op syn retoer, mar dochs...') en Piet Jetze Faber fansels: 'in keatser mei in grut atletysk en fenomenaal technysk fermogen.' 'Ien pracht partij fan dy mannen wie my leaver as in fuotbalwedstriid. It is dan ek in goed ding dat dy rike keatshistoarje fêstlein en bewarre wurdt. Ik rekkene it as konservator fan 't Coopmanshûs ta myn plicht om it keatsmuseum ûnderdak te jaan. Mei alle jierren in bysûndere útstalling, ûnder oaren oer de winners fan de Bond, oer de PC, de Freule en oer Hotze fansels ('Portret van een kaatskoning'), lutsen wy in soad folk. It wie fanwege romtegebrek dat it museum letter ferhuze is, mar ik ha der noait foar west om it yn in apart gebou ûnder te bringen. In bankgebou is hiel wat oars as in museum, en dan moatte jo der ek noch troch in achterdoar yn komme, dat is gjin útnoegjende yntree. Allinnich de echte kenners witte it dan te finen. Mar it is dochs ek bedoeld om minsken dy't neat fan keatsen witte, te ferrassen. Dat kin as it ûnderbrocht



'...it boarst behongen...' Jan Reitsma sr. (1869-1959).
Foto: Keatsmuseum

is yn in alsidiger museum. De keunst is dan om de minsken mei wat bysûnders te ferlieden, nijsgjirrich te meitsjen.'

Keatsfoto's

Op oanstean fan Pieter Breuker, doetiidsk foarsitter fan de museumkommisje, hat Thom Mercurur yn 2003 belutsen west by de ynrjochting fan de

útstalling yn it keatsmuseum oer 150 jier PC. Hat er noch in tip foar in nije ympuls? Hy fertelt hoe't de skilder Armando ûnder de yndruk wie fan de âlde portretten fan keatsers, dy't yn fol ornaat posearren, it boarst behongen mei medaljes en oare earetekens. Kafeebaas Skelte Dykstra hie dy yn de rin fan de jierren sammele. Fan dy portretten kinst in hiel soad leare oer it ferline. It wie klearebare earmoed, mar troch it keatsen koene dy mannen gloriearre. Dan stiigden se boppe harsels út en dat woene se ek wol witte. Grutsk posearren se foar in foto: sjoch ús hjir stean. Ik sjoch in parallel mei de foto's fan de Dútser August Sander (1876-1964). Dy hat alderhanne minsken út ferskillende lagen fan de befolking fotografearre yn de jierren tusken de twa wrâldoarlokken. Troch syn wize fan sjen fertelle dy foto's in ferhaal. Oer de achtergrûn fan dy persoanen, wa't se werklik wiene, hoe't se libben. Dat dogge ek dy âlde keatsersportretten. Mei de modernste techniken fan tsjintwurdich soene je in tal fan dy portretten fergrutsje litte kinne. No krijst de keatsers net mear sa gek dat se har pontifikaal op 'e foto sette litte, dat past net mear by dizze tiid. Fine se oanstellerij, dy idelteuterij.'

De heroyk yn de keatssport is yn de keunst oant no ta oan de krapperein kommen, mient Mercurur. Mei de pear knappe bylden yn Frjentsjer, de as 'kontsjekikers' bekend steande perkspilers fan Guus Hellegers - dy't dêrta ynspirearre wie troch Klaas en Wiepie van Wieren - en de keatsbal fan Henk

Rusman, hâldt it neffens him wol op. Ids Wiersma hat yndertiid in braaf keatsbuorrensje yn Arum skildere, en braaf is ek de nijste oanwinst, it byld fan Hotze Schuil yn Harns. Hoe kreas en goed lykjend ek, it mist de rook en smaak fan dizze unike opslagger. 'Uteinlik lit it keatsen him noch it bêste yn foto's ferbyldzje, it is in tige fotosjenike sport. In fotograaf mei oandacht foar detail soe ris in seizoen de hichte en djiptepunten folgje moatte foar in dokumintêre fan museale wearde.'

Pieter de Groot